

Dyn idealen yn Fryslân

Ferkiezings- programma Provinsjale Steaten 2015



**Partij voor
de Dieren**

Ynhâld

| | |
|--------------------------|----|
| Foarwurd | 1 |
| 1. Sûne lânbou, sûn iten | 2 |
| 2. Romte foar natuer | 5 |
| 3. In sûne leefomjouwing | 9 |
| 4. Soarch foar dieren | 12 |
| 5. In betroubere oerheid | 16 |

Foarwurd

Foar de Partij foar de Dieren giet polityk oer wearden. Oer hoe't wy de maatskippij sa yn-rjochtsje kinne dat minsken en dieren yn harmony gearlibje kinne, mei respekt foar de natuer. Sadat de generaasjes dy't nei ús komme in skjinne en leefbere ierde erve.

In goed foarbyld is de soarch foar de natuer. It Nederlânske regear hat dizze taak earst fer-waarleazge en dêrnei by de provinsjes dellein. Sa komt it dat de Partij foar de Dieren in noch belangrikere rol spylje moat yn 'e provinsje as se al die. Want mear as ea sil de provinsje bepale hoe't ús leefomjouwing derút sjocht.

De Partij foar de Dieren makket it ferskil troch yn 'e provinsje op te kommen foar kwetsbere wearden. Troch net allinnich nei finansjele belangen te sjen, mar benammen nei de ynfloed dy't besluten ha op dieren, natuer en miljeu.

Yn Fryslân binne noch prachtige natuergebieten. Fûgels, kninen, hazzen, reeën, wylde swinen, fisken en in hiel soad oare dieren libje hjir. Der stean ûntsachlike beammen en der groeie prachtige planten. En op in protte plakken kinne minsken - mei respekt foar dieren en natuer - genietsje en ûntspanne.

In soad fan dy gebieten stean ûnder druk - en de dieren dy't dêr libje stean bleat oan ferskillende bedrigings. Tink oan de plesierjacht. Alle jierren wurde twa miljoen bisten yn it wylde deasketten, en nochris twa miljoen reitsje ferwûne troch de kûgels. Dieren, natuer en miljeu ha ús soarch en beskerming nedich tsjin it rjocht fan 'e sterkste. De Partij foar de Dieren wol de provinsjale polityk yn Fryslân griener meitsje. By de karren dy't wy meitsje litte wy ús liede troch dierfeonlikens en duorsumens.

De Partij foar de Dieren is:

- foar in respektfolle omgong mei dieren en tsjin megastâlen
- foar mear natuer en tsjin de jacht
- foar duorsume enerzjy en tsjin koalesintrales
- foar skjinn wetter, skjinn lucht, grûn en atmosfear
- foar in goed iepenbier ferfier en fytspaden en tsjin nóch mear sneldiken.

Wy stean foar in nije, ferfrissende polityk en hâlde fêst oan ús idealen. Opkomme foar dieren, natuer en miljeu hat neat te krijen mei it âlde 'lofts' of 'rjochts' yn 'e polityk. Minsken mei hiel ferskillende achtergrûnen fiele harren dêrom thús by de Partij foar de Dieren. Hieltyd mear minsken sjogge dat de Partij foar de Dieren trou bliuwt oan syn útgongspunten. Ús politisi dogge dat net allinnich yn 'e Provinsjale Steaten, mar ek dêrbûten, troch yn 'e bocht te springen foar alles dat écht fan wearde is.

1. Sûne lânbou, sûn iten

De Partij foar de Dieren wol nei in streekbûne en biologyske produksje fan iten. Dêr leit in belangrike taak foar de provinsje. De Partij foar de Dieren pleitet foar in omskeakeling fan dierlike nei giffrije, plantaardige fieding. Granen, grienten en fruit fan eigen grûn moatte in grutter part fan ús iten wurde. By de produksje fan iten mei in dierlike oarsprong moat it wolwêzen fan 'e dieren foarop stean. Wy wolle dat de dieren holden wurde op in wize dy't rjocht docht oan harren behoeftes en natuerlike hâlden en dragen.

Yn 'e praktyk stjoere provinsjes - lykas de lanlike oerheid - oan op in fierdere skaalfergrutting yn 'e feehâlderij as antwurd op alle problemen. Provinsjebestjoeren yn Nederlân spylje soms sels in aktive rol troch grûn te keapjen en te bemiddeljen by de komst fan megastâlen.

Op wei nei natuerlike lânbou

In goede boer is immen dy't mei leafde foar it fak in ambacht útoefenet - en is dus gjin dongmanager of lânbougiftechnolooch. De Partij foar de Dieren wol ôf fan lânbou dy't linet op oerbedonging en gif. De yntinsive lânbou ferbout jierren achterinoar deselde frucht, sadat de grûn útput rekket. Der wurdt tsjin de natuer arbeide yn stee fan mei de natuer. Wy wolle in lânbou mei wikselbou, lykwichtbedonging en bloeiende ekerrânen. Der binne fjilden mei beammen en hagen deromhinne en it miljeu en de folkssûnens profitearje.

Lytsskaligens stimulearje

De produksje fan fleis en suvel bringt allegear ferburgen kosten mei him mei, lykas miljeuskea, dierrommings, ferhege sûnensrisiko's en de tebegong fan bioferskaat. Salang't dy kosten net trochberekkene wurde yn 'e priis fan dy dierlike produkten, moat de provinsje de grûnbûnige, lytsskalige en biologyske lân- en túnbou stypje. De boeren wurde sa stimulearre en holpen om de oerstep te meitsjen nei in mear duorsume en dierfreonlike produksje fan iten.

De provinsje kin ek de rol fan paadsljochter op him nimme at it giet om it stimulearjen fan inisjativen op it mêd fan stedslânbou.

In ein oan 'e fee-yndustry

Foar de kiloknallers wurde bargaen, hinnen, kij, kninen en geiten yn 'e fee-yndustry opfokt en ophokt, mishannele en syk makke. Boppedat is de produksje fan fleis wakker yneffisjint: foar ien kilo byfstik is 25 kilo foer en 15.000 liter wetter nedich. De Partij foar de Dieren wol in ein meitsje oan 'e fee-yndustry. Yn Fryslân wenje 650.000 boargers en slite goed 10 miljoen dieren harren libben ûnsichtber yn 'e fee-yndustry. Minder dieren betsjut minder problemen foar natuer, miljeu, minsk en it wolwêzen fan dieren.

De Partij foar de Dieren wol dat der in komt oan alle direkte en yndirekte subysdzjes dy't de fee-yndustry krijt fan 'e provinsje, lykas it oanbieden fan geunstige regelings foar it ferpleatsen fan fee-yndustryen. Der wurdt belêstingjild brûkt om de fee-yndustry te helpen: de fersmoarger fersmoarget, mar de boarger betellet.

Minder dong, minder problemen

Nederlân hat as gefolch fan it ôfgrysluk tal dieren in gigantysk dongoerskot dat soarget foar in hast ûnbehearskbere útstjit fan ammoniak en broeikasgassen en foar grutte skea oan natuer en miljeu. De Partij foar de Dieren wol dat de dongproblemen by de boarne oanpakt wurde. Dat betsjut dat it tal dieren, en dus de produksje fan dong, ynperkt wurde moat. Dongfergêsting hat enoarme neidielige gefolgen foar minsken, dieren, miljeu en it lânskip.

Duorsume of dierfreonlike fiskerij bestiet net

De fiskerij is de ôfrûne desennia feroare yn in massale yndustry mei ferwoastgjende effekten

op ekosystemen. De fangsttechniken soargje foar in pynlike deastriid foar de fisken. Boppedat is der sprake fan earnstige oerbefisking. Fiskkwekerijen - sûnder grûn faak sjoen as in alternatyf foar wyldfangst - foarmje in nije bio-yndustry, mei alles wat der achter wei komt foar dieren en folkssûnens.

In gentedfrrije provinsje

Fryslân is sûnt jannewaris 2014 de earste gentedfrrije provinsje fan Nederlân. Genetyske manipulaasje (gentech) taast de yntegriteit fan planten en dieren oan. Dizze technyk foarmet ek in risiko foar it bioferskaat. Gifresistinte gewaaksen, lykas gentedsoaja en -maïs ha laat ta in taname yn it brûken fan giftige bestridingsmiddels. Boppedat kinne gentedgewaaksen harren mingje mei gongbere en biologyske bou. De Partij foar de Dieren fynt dat de provinsje foarkomme moat dat dieren yn 'e Fryske feehâlderij noch langer fuorre wurde mei genetysk manipulearre foer út it bûtenlân.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. Der sille gjin nije megastâlen komme. De provinsje rjochtet syn belied op in ôfname fan it tal dieren. Der sil in útwreidings- en in fêstigingsstop foar de fee-yndustry komme.
2. Kij wurde op syn minst weidegong bean en ek foar de oare lânbouhúsdieren befoarderet de provinsje útrin. De provinsje stimulearret it oanplantsjen fan beammen en de bou fan skûlstâlen yn greiden foar de beskutting fan 'e dieren.
3. De provinsje set yn op it sluten fan de nutriënten-kringlopen (kringlopen fan fiedingsstoffen) troch de teelt fan lokaal feefoer yn 'e provinsje te befoarderjen. De dongproduksje wurdt ôfstimd op wat der ferantwurde op 'e omlizzende lânbougrûnen brûkt wurde kin.
4. Dongfergêsting en -ferwurking hearre net by in ferantwurde lânbou. Der komme gjin nije ynstallaasjes by. By de besteande dongfabriken wurdt goed sjoen nei de risiko's foar minsken, dieren en miljeu.
5. It brûken fan lânboufergif wurdt fiergeand beheind. De provinsje stjoert oan op in ferbod op 'e meast skealike gifstoffen dy't in bedriging foarmje foar minsken, dieren en miljeu, lykas metam-natrium, neonicotinoïden en glyfosaat. De provinsje befoarderet miljeufreonlike middels. Tusken ekers en gefoelige bestimmings lykas wennings, sleatten, skoallen en kantoaren komt in brede spuitfrije sône.
6. It plattelân wurdt oanloklik makke foar bijen en oare bestowers troch yn te setten op agrobioferskaat, ûnder mear mei wikselbou en brede ekerrânen. Lâns provinsjale diken wurde de bermen bij- en flinterfrienlik beheard. Fryslân set yn op werstel fan 'e bijestân.
7. Salang't der noch subsydzjes jûn wurde yn it ramt fan it Mienskiplike Lânbobelied fan 'e Europeeske Uny wurde dy troch de provinsje ynset foar it stypjen fan inisjativen op it mêd fan dierewolwêzen en duorsume lânbou.
8. De provinsje befoardert de regionalisearring en de produksje en ôfset fan dier- en miljeufreonlike feehâlderij- en lânbouprodukten. De provinsje stelt hjir in stimulearringsprogramma foar op.
9. Luchtwassers foar de fee-yndustry wurde net subsidearre.
10. De provinsje ynvestearret yn biologyske lânbou. It areaal yn 'e provinsje wurdt fergrutte ûnder mear troch it jaan fan omskeakelsubsydzjes.

11. De provinsje fiert in stimulearringsbelied foar stedslânbou-inisjativen en nimt in koördinearjende rol op him.
12. Feemerken wurde sterk ûntmoedige.
13. Beropsfiskerij is net langer tastien yn natuergebieten.
14. De provinsje stoppet mei it subsidearjen en fasilitearjen fan fiskerij.
15. De provinsje stoppet drekt mei it ferhieren fan it fiskrjocht.
16. Der komme gjin nije fiskkwekerijen. Besteande fiskkwekerijen wurde net langer fasilitearre.
17. Fryslân is in gentechfrije provinsje en bliuwet dat ek. De provinsje soarget dat dieren net foerd wurde mei genetysk manipulearre gewaaksen dy't earne oars produsearre binne.
18. De provinsje makket in ein oan it ljipaaisykjen.

2. Romte foar natuer

De Partij foar de Dieren jout natuer de prioriteit dy't hy fertsjinnet. Natuer hat in eigen wearde en fertsjinnet allinnich al om dy reden ús beskerming. Boppedat foarmet hy mei syn ferskaat oan planten, dieren en ekosystemen de basis foar ús produksje fan iten en ús maatskippij. It behâld en werstel fan ús natuer is in kearntaak foar de provinsje. Natuer is gjin lúkse, mar it fûnemint fan ús bestean.

Mar de natuer en it bioferskaat wurde bedrige. Fan it oarspronklike bioferskaat yn Nederlân is noch mar fyftjin prosint oer. Natuergebieten ferdwine troch de ferstedsking dy't oprukt - en de natuer dy't oerbliuwt stiet ûnder druk. Útstjit fan skealike stoffen troch yndustry, ferkear en de fee-yndustry, mar ek it brûken fan lânbougif taast de natuer oan. De ferneatiging fan 'e natuer giet mar troch en oare partijen kieze hieltyd wer foar it opofferjen fan natuer oan koartetermynbelangen lykas asphalt, bedriuweterreinen en it opskalen fan fee-yndustry. De Partij foar de Dieren docht dêr net oan mei. Wy hawwe mear natuer nedich, yn stee fan hieltyd minder.

In griene maatskippij is sûner

Natuer is essinsjeel foar ús maatskippij. Griene stêden en doarpen ferbrûke minder enerzjy en ha minder kâns op wetteroerlêst. Yn in griene omjouwing fiele minsken harren sûner en komt minder kriminaliteit en agresje foar.

Natuerbehâld yn stee fan symptoombestriding

By behear en werstel fan natuerkwaliteit wol de Partij foar de Dieren dat de provinsje ynset op boarnebelied: de oarsaken fan skea oan 'e natuer moatte safolle mooglik weinommen wurde. Dêrtroch kinne behearskosten sakje. De fee-yndustry foarmet de grutste bedriging fan 'e natuer. De Partij foar de Dieren stribbet nei in yntegrale oanpak, wêrby't maatregels foar natuer en miljeu net ta skea gean meie fan dierewolwêzen.

Natuer ferbine

Foar in soad diersoarten is it libbensgebiet fersnipele. Natuergebieten foarmje om samar te sizzen eilantsjes yn it ferstedeske gebiet. Dit is in belangrike oarsaak foar de ôfname fan it bioferskaat. It ferbinen en útwreidzjen fan natuergebieten is in belangrike maatregel om dy ôfname tsjin te gean. Troch natuergebieten mei inoar te ferbinen wurdt de natuer sterker, wurdt it bioferskaat grutter en wurdt ek de kâns op it fuortbestean fan in protte soarten fergrutte. De Partij foar de Dieren wol de 'Ecologische Hoofdstructuur' (EHS of it 'Nationale Natuur Netwerk') sa gau as mooglik realisearje en yn stân hâlde. Oare griengebieten moatte troch de provinsje planologysk ek ôfdwaande beskermd wurde.

Bestowing fan gewaaksen

Bestowing fan gewaaksen troch bijen en holders is fan essinsjeel belang foar de natuer en foar ús iten. Giftige bestridingsmiddels, lykas neonicotinoïden, bedriigje it fuortbestean fan dy ûnmisbere skeakel yn ús ekosysteem. De Partij foar de Dieren fjochtet al jierren tsjin de neonicotinoïden. Útsein troch lânbougif wurdt de bij ek bedrige troch in tekoart oan foldwaande fariearre iten.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. De oarspronklike 'Ecologische Hoofdstructuur' mei alle ferbiningssoenes krijt hege prioriteit sadat dy yn 2018 realisearre is.
2. De provinsje stelt in ambisjeuze natuerfisy op dêr't hy syn ambysje foar de natuer yn 2027 yn beskriuwt. Foar it realisearjen fan dy fisy stelt hy in goede beskriuwing op fan 'e hjoeddeiske steat fan 'e natuer, de winske miljeukwaliteit en in konkreet plan mei tiidpaad.

3. De provinsje soarget foar in goede monitoaring fan libbende floara en fauna, mei bysûnder omtinken foar greidefûgels, en makket dy gegevens iepenbier.
4. Natuerferbettering wurdt it doel fan 'e behearplannen fan alle Natura 2000-gebieten. De ynstânhâldingsdoelen moatte sa gau as mooglik realisearre wurde. De ûntwikkelingsromte oangeande stikstof wurdt brûkt foar de natuer, yn stee fan foar ekonomyske aktiviteiten.
5. Natuergebieten wurde wer mei-inoar ferbûn, bygelyks troch ekodukten, oerstekplakken en poddetunnels. Oerstellige obstakels tusken natuergebieten wurde fuorthelle. Ekodukten meie net brûkt wurde om jagers te fasilitearjen.
6. Der komt in romtelike feroardening dêr't de beskerming fan ûnder oaren de EHS, 'Bijzondere Provinciale Natuurgebieden', wetterwingebieten en weardefolle kultuerlânskippen dúdlik yn fêstlein wurde.
7. Wiere beskerming fan dieren, natuer en miljeu foarmet it útgongspunt by behearplannen foar de Natura 2000-gebieten yn it fergunningferlieningbelied.
8. Wetterstannen wurde net langer oanpast oan 'e lânbou, mar oan 'e behoeftes fan 'e natuer. De provinsje soarget derfoar dat by it oanpakken fan ferdroeging natuerdoelstellingen it wetterbehear bepale, lykas yn 'e Fryske Feangreidegebieten.
9. Provinsjes ha de ôfrûne desennia in soad aktiviteiten tastien of talitten sûnder de natuereffekten te toetsen, lykas lelybou of útwreidings fan feestâlen. De natuertoets wurdt noch útfierd foar (bedriuws)aktiviteiten dy't gjin deugdlike fergunning ha. Ek wetterkwaliteit en -systeem moatte mei weromwurkjende krêft toetst wurde.
10. Der komt in bettere hanthavening fan stilte yn stiltegebieten.
11. Der komt in krêftich plan fan oanpak om de ljochtfersmoarging yn 'e natuer - bygelyks troch stâlen en kassen - tsjin te gean.
12. De provinsje beskôget agrarysk natuerbehear net as feringing foar natuergebieten, mar as in oanfolling hjirop.
13. It net-beboude gebiet bliuwt lanlik en grien.
14. De provinsje set him yn foar it ferheegjen fan it wetterpeil, blomrike greiden, mozaykbehear en útwreiding fan greidefûgelkearngebieten.
15. Rekreaasje mei net ta skea wêze fan natuer en lânskiplike wearden.
16. De leefberens fan en yn it grien yn 'e stêden wurdt stimulearre.
17. De provinsje stipet dierewolwêzen-, natuer- en miljeuedukaasje.
18. Bermen fan provinsjale diken wurde ekologysk beheard en ynrjochte, mei spesjaal omtinken foar de bijen en flinters.
19. De provinsje soarget foar goede ynformaasje oer it bijfreonlik ynrjochtsjen fan tunen en grûnen.
20. Wylde bijen wurde op 'e soartebekeermingslist set.

Romtlke oardening en in struktuerfisy foar de takomst

At de provinsje syn wurk net goed docht ferrommelet it lânskip, ferriizje oeral megastâlen en ferkringt it beton de natuer. Yn alle provinsjes yn Nederlân binne in protte foarbylden te finen dêr't út blykt dat de provinsje syn rezjy op 'e romtlke oardening gean litten hat. It oerskot oan leechsteande kantoaren en bedriuweterreinen, ferwurden fan 'e natuer ta ferdivedaasjepark en de megamorfoaze fan 'e lânbou falle dêr it meast by yn it each.

De struktuerfisy is in belangryk ynstrumint fan 'e provinsje. Yn dit dokumint wurdt de fisy op it romtlk belied foar de hiele provinsje beskreaun. Probleem: de fêstige partijen ha eigentlik gjin fisy. Risseltaat: struktuerfisys binne yn 'e regel beliedsdokuminten dêr't de koarte termyn yn foarop stiet en fêstige belangen beskermje wurde.

De Partij foar de Dieren wol dêrmei brekke. In struktuerfisy is in fisy oer it foarmjaan fan in duorsume wrâld. De útgongspunten fan 'e struktuerfisy wurde it tsjingeane fan klimaatferoaring, it fersterkjen fan natuer en it bioferskaat, it ûntwikkeljen fan biologyske lânbou, it beskermjen fan 'e folkssûnens en fan it lânskip.

Yn 'e struktuerfisy lizze wy fêst dat biologyske en grûnbûnige lânbou de romte krijt troch de juste planologyske beskerming. Sa giet goede biologyske grûn net ferlern by bedriuwbeëiniging mar wurdt de grûn troch oare boeren brûkt. Der komme gjin nije megastâlen by, besteande moatte op termyn ferdwine. Gemyske bestridingsmiddels, dy't de folkssûnens bedriigje, geane wy tsjin.

Net de eksploitaasje, mar de beskerming fan de leefomjouwing komt by ús op it foarste plak.

3. In sûne leefomjouwing

De Partij foar de Dieren fynt dat de provinsje in krachtige koprinner wurde moat as it giet om in skjin miljeu, in sûne, duorsume leefomjouwing en it stimulearjen fan in sirkulêre ekonomy. It oerskakeljen nei miljeufreonlik produsearjen en konsumearjen is needsaaklik foar in sûne takomst - ek foar de ekonomy. Allinnich troch sunich om te gean mei iten, beskikbere romte, grûnstoffen, skjin wetter en skjinne lucht bliuwt dêr genôch fan oer. Foar ús en foar de generaasjes - minsken en dieren - dy't nei ús komme.

Op dit stuit skipet de maatskippij takomstige generaasjes lykwols noch altyd op mei problemen. Wy moatte dêrom gau in oar paad ynslaan om klimaatferoaring en miljeufersmoarging oan te kinnen. In oanpak by de basis is needsaaklik: de oerkonsumpsje moat ôfremd wurde.

Nei in krêftich miljeubelied

De Partij foar de Dieren wol dat de provinsje in miljeubelied fiert dêr't de beskerming fan boaiem, lucht en wetter swierder weaget as de ekonomyske belangen op 'e koarte termyn. De miljeuregeljouwing moat stringer hanthavene wurde. De emisje fan skealike stoffen moat fierder ôfnimme en subsydzjes dy't miljeufersmoarging stimulearje moatte sa gau as mooglik ôfskaft wurde.

Foar de provinsje leit der in belangrike taak at it giet om it stimulearjen fan miljeufreonlike produksje en konsumpsje, bygelyks by nijboudprojekten. De provinsje kin sa kânsen biede oan ynnovative bedriuwen dy't sykje nei oplossings. Dit stimulearringsbelied soe hân yn hân gean moatte mei in aktive ûntmoediging foar bedriuwen dy't it miljeu fersmoargje, bygelyks op it mêd fan fossile enerzjy.

Skjin wetter en skjinne lucht

De kwaliteit fan wetter en lucht yn Nederlân kin folle better. Motorisearre ferkear, yndustry en de fee-yndustry bin de grutste kweadoggers. De Partij foar de Dieren wol dy fersmoarging by de boarne oanpakke.

De Partij foar de Dieren fynt sûn wetter foar minsk en dier fan grut belang. Nederlân rint fier achter om it wetter neffens de 'Europese Kaderrichtlijn Water' op 'e tiid sûn te krijen. Troch de hege nutriëntebelesting ferstikke sleatten en wetters faak troch blau-alch of kroas.

Neist de wetterkwaliteit is ek it útdroegjen - wêrtroch seldsume plantesoarten ôfstjerre - in grut probleem. Yn 'e lucht foarmje benammen de hege konsintraasjes fynstof in gefaar foar de folkssûnens. Troch de problemen oan te pakken by de basis krije wy skjinne lucht en skjin wetter foar elkenien.

Nei in duorsum enerzjybelied

De Partij foar de Dieren wol ta op in desintrale en duorsume enerzjyopwekking wêrby't boargers en bedriuwen sels enerzjy opwekke. Ús ideaal is dat wy uterlik yn 2050 stopje mei it brûken fan fossile brânstoffen yn Nederlân. Dat kin berikt wurde troch enerzjy in priis te jaan, troch regels te stellen en troch ynnovaasje te stimulearjen. Fan 'e duorsume boarnen moatte wynenerzjy en sinne-enerzjy de belangrykste bydrage leverje. Wy binne tsjin skalygaswinning, koale- en gassintrales en oare net-miljeufreonlike enerzjyboarnen. Enerzjybesparring komt noch net genôch fan 'e grûn, wylst it de goedkeapste manier is om klimaatferoaring te beheinen.

Sunich omspringe mei de iepen romte

Romte is in belangryk guod yn ús tichtbefolkte lân. De Partij foar de Dieren fynt dat wy sunich wêze moatte op 'e beheinde iepen romte dy't wy noch hawwe. Ferskillende belangen

meitsje soms oanspraak op itselde gebiet. Wy wolle dat dy belangen sekuer ôfweage wurde fia degelike romtlike oardeningssplannen. It is dêrby fan belang dat boargers belutsen wurde en ynspraak leverje kinne.

De ûntwikkeling fan 'e romtlike oardening en bedriuwichheid moat rjocht wêze op duorsume hûsfesting en bedriuwichheid. Sa laat it omfoarmjen fan leechsteande kantoarpânen ta mear wenromte en dit soarget derfoar dat der gjin natuer mear opoffere hoecht te wurden foar nijbouwiken.

Krimp biedt kânsen

De kommende jierren sil befolkingskrimp yn sommige regio's in bliuwende faktor wêze. It hat gjin doel om maatregels yn te setten tsjin krimp. In krimpregio biedt wol kânsen om besteande natuergebieten te fersterkjen, de ûntwikkeling fan nije natuer te befoarderjen en projekten foar duorsume enerzjy yn 'e regio te stimulearjen.

In tagonklik en miljeufreonlik ferkearsnet

Iepenbier ferfier moat, sawol yn stedsgebiet as lanlik gebiet, betrouber en tagonklik wêze. Ek moat de provinsje ynvesteare yn miljeufreonliker ferfier en net yn nije diken foar motorisearre ferkear. De Partij foar de Dieren wol it wen-wurkferkear weromkringe.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. By it bepalen fan noarmen foar de kwaliteit fan boaiem, wetter, lûd en lucht giet de provinsje yn syn miljeubelied út fan it foarsoarchsbegjinsel. Dizze noarmen moatte folle stringer wurde as oant no ta it gefal is; sa moat de provinsje de fynstofnoarm fan 'e 'Wereldgezondheidsorganisatie' hantearje.
2. De provinsje set fol yn op in sirkulêre ekonomy, dêr't gjin ôffal yn bestiet en folle minder grûnstof nedich is.
3. De provinsje realisearret sa gau as mooglik de doelstellings fan de 'Kaderrichtlijn Water'. De nutriëntebelesting fan it wetter moat omleech.
4. Miljeuregels wurde sekuer hanthavene. Boppedat stelt de provinsje nije miljeuregels op dy't kânsen jouwe oan duorsume bedriuwichheid.
5. De provinsjale miljeutsjinsten moatte oer foldwaande kapasiteit beskikke - kwantitatyf en kwalitatyf - om de wetlike ferantwurdlikheid foar miljeu- en natuerbelangen te garandearjen.
6. De wetterwingebieten wurde beskerme.
7. Ynwenners wurde beskerme tsjin stankoerlêst en lûdshinder troch stringe noarmen en goede hanthavening.
8. Der komt in yntegraal enerzjytransysjeplan om it duorsum meitsjen fan 'e enerzjyproduksje en it besparjen fan it enerzjygebrûk rjochting te jaan.
9. Unnedich enerzjyferbrûk wurdt oan bannen lein, bygelyks troch it tsjingeane fan ferljochting fan kantoaren nei wurktiid en it tsjingeane fan ferljochte bûtenreklame.
10. It tempo fan isolearjende maatregels yn besteande bou moat omheech.

11. De provinsje jout rom baan oan inisjativen dy't soargje foar it duorsum meitsjen fan wennings. De provinsje stelt ûnder oaren in provinsjaal stimulearringsfûns yn foar lytsskalige opwekking fan skjinne enerzjy troch partikulieren en befoarderet dat huzen sels enerzjy opwekke sille (nul-enerzjywennings).
12. Wynenerzjy sil mooglik makke wurde op lokaasjes dêr't dieren en natuer der gjin hinder fan ha. Wynturbines komme net yn Natura 2000- of greidefûgelkearngebieten. Doarpsmûnen mei draachflak, lykas yn Reduzum, kinne net opskald wurde; in win-win sitewaasje foar alle bewenners en foar duorsume enerzjy.
13. Fiskpassearberheid wurdt in hurde betingst foar wetterkrachtsintrales.
14. De provinsje ferlient op gjin inkele wize meiwurking oan dongfergêstingsprojekten, de bou fan nij kearnsintrales en koalesintrales, skalygaswinning of projekten foar it krijen fan enerzjy út ôffalstoffen fan 'e fee-yndustry.
15. Der komt gjin ûndergrûnske CO₂-opslach. Ek wurdt der gjin kearnôffal opslein. Lege gasfjilden wurde net brûkt foar de opslach fan (ymportearre) ierdgas of produksjewetter.
16. De provinsje jout allinnich noch mar tydlike miljeufergunnings ôf. De fergunning wurdt dêrnei allinnich ferlingd at it bedriuw oantoane kin dat it wier oan 'e fergunningsbetingsten foldien hat.
17. By fabriken en bedriuwen dy't in risiko foarmje kinne foar de leefomjouwing en de folksûnens wurde kontrôles en hanthavening yntinsivearre.
18. Yn de plannen foar romtlike oardening is gjin plak foar nije sneldiken of útwreiding fan provinsjale diken; net foar nije bedriuweterreinen ta skea fan de iepen romte en ek net foar nije of gruttere fleanfjilden.
19. Krimp wurdt net bestriden troch forsearre projekten om mear ynwenners oan te lûken. Krimpregio's krije dêrfoaroer in griene kwaliteitsympuls.
20. Geskikte leechsteande kantoarpânen wurde omboud ta kulturele briedplakken en betelbere wenromtes. Hjirtroch ferminderje sawol wenningtekoarten as it tal bouprojekten yn natuer- en agraryske gebieten.
21. Meargeneraasjewenjen wurdt oanmoedige en stimulearre troch de provinsje.
22. Der komme gjin nije diken foar motorisearre ferkear. Bestearde diken wurde net útwreide.
23. Der wurde gjin yndustry- of bedriuweterreinen boud of útwriede yn 'e iepen romte en yn it bysûnder net neist natuergebieten.
24. De provinsje ynvestearret flink yn útwreiding en ûnderhâld fan iepenbier ferfier, fytspaden, P+R-plakken, oplaadpunten foar elektryske auto's en de feilichheid fan besteande diken. De provinsje finansierret fytssneldiken foar wen-wurkferkear.
25. It persoane- en frachtferfier oer wetter wurdt stimulearre en fearferbinings wurde wêr't dat kin yn stân holden.

26. De provinsje ferset him tsjin it ferheegjen fan snelheden op 'e diken en is tsjin it riden fan 130 km per oere op syn grûngebiet.
27. By oanbesteding fan iepenbier ferfier wurdt miljeufreonlikheid in belangryk kritearium.
28. De provinsje is wakker ôfhâldend mei it jaan fan fergunnings en ûntheffings foar fjoerwurkeveneminten. Partikuliere inisjativen komme yn alle gefallen net yn oanmerking foar in fergunning. Itselde jildt foar it kollektyf oplitten fan ballonnen.
29. De provinsje meldt gjin nije projekten oan foar de krisis- en werstelwet, en makket ek gjin gebrûk fan 'e eksperimentbepalings yn 'e nije omjouwingwet.

4. Soarch foar dieren

Dieren bin libbende wêzens, gjin produkten of middels ta minsklik fermaak. Mei it gefoel, bewustwêzen en de eigen behoeftes en belangen fan dieren moat folslein rekken holden wurde. Yn 'e Provinsjale Steaten wurde in protte beslissings nommen dy't drekt ynfloed ha op dieren en harren leefgebiet. Tink oan megastâlen, jacht en de beskerming fan natuergebieten. Dochs wurde de belangen fan dieren fierstente min - en faak sels alhiel net - meiwoegen yn 'e beslútfoarming. De Partij foar de Dieren springt yn 'e bocht foar de belangen fan dieren.

It wolwêzen fan dieren wurdt yn 'e provinsje as fansels foar minsklike doelen wike litten. De Partij foar de Dieren wol fan dat automatisme ôf. Fermaak, sport en moade binne gjin goede redenen om dieren te deadzjen, te ferwûnen of oars oan te taasten yn harren wolwêzen.

Previnsje yn stee fan bestriding

Guozzen, foksen, muskusrotten, reeën, wylde swinen en in protte oare dieren binne net wis fan harren libben yn Nederlân. Under it mom fan skeabestriding of populaasjebehear wurde se op grutte skaal deamakke. Guozzen wurde yn Fryslân mei enoarme oantallen sketten, muskusrotten komme om yn wrede fallen en foksen en ek wylde swinen wurde deasketten. De Partij foar de Dieren wol hjir in ein oan meitsje. Wy fine dat de provinsje him ynsette moat foar oerlêstprevinsje.

De enoarme bedraggen dy't no noch útjûn wurde oan de sinleaze en wrede bestriding fan yn it wyld libjende dieren kinne dan ynset wurde foar previntyf belied dat, yn tsjinstelling ta de hjoeddeiske bestriding, wol effektyf is. Wy fine dat de yntrinsike wearde en beskerming fan yn it wyld libjende dieren de útgongspunten wêze moatte fan provinsjaal belied.

It hjoeddeiske kompensaasjesysteem foar skea troch yn it wyld libjende dieren wurket krekt oarsom. It is in burokratysk systeem dêr't automatysk rekkene wurde kin op in knappe skea-kompensaasje. Dy stiet ynnovaasje yn 'e lânbou yn it paad. De Partij foar de Dieren pleitet foar in systeem dêr't it de muoite yn wurdich is om effektive metoaden te ûntwikkeljen om dieren te ferjeien en ta te passen, en wêrby't allinnich útsûnderlik grutte (lânbou)skea kompinsearre wurdt.

In ein oan 'e plezierjacht

De Partij foar de Dieren wol in ein meitsje oan de plezierjacht - ynklúsyf it ôfsjitten fan dieren yn it ramt fan sabeare populaasjebehear. De plezierjacht is in wrede hobby dy't in soad diereleed ta gefolch hat. Jonge dieren bliuwe sûnder mem achter, partnerferbannen wurde sûnder genade ferbrutsen en groepshierargy en populaasjedynamyk wurde letterlik oan flarden sketten.

Opfang fan yn it wyld libjende dieren

Sawol yn stedsgebiet as yn lanlik gebiet kinne yn it wild libjende dieren ferwûne reitsje - faak troch tadwaan fan minsken. De opfang fan ferwûne dieren is in maatskiplike taak. Yn 'e praktyk lit de oerheid it lykwols gauris sitte. Sa wurde der yn 'e Nederlânske fûgelasilen alle jierren goed hûnderttûzen ferwûne en sike fûgels opnommen. Dizze asilen binne hast allegear finansjeel yn need.

De Partij foar de Dieren wol dat de provinsje de soarch en opfang fan yn it wyld libjende dieren dy't ferwûne binne en help nedich ha goed organisearret en begruttet, sadat de soarch dy't nedich is ek garandearre wurde kin troch diere-ambulânses, dieredokters en opfangsintra.

Net dierfreonlike eveneminten en gebrûken oan bannen

It wolwêzen fan dieren by folksspultsjes, keunstuterings, libjende kryststâlen, sirkussen en mediaoptredens is net altyd yn oarder. Dieren wurde in soad ferfierd, ha suterige húsfersting, krije min iten en ha faak stress. De Partij foar de Dieren wol ôf fan it respektleaze brûken fan dieren om 'e wille fan tradysje en fermaak.

Der bin frijetiidbestegings dêr't dieren in belangrike rol yn spyle en dy't oantsjut wurde as 'sport', tink oan it angeljen en de dowsport. De Partij foar de Dieren fynt dat de provinsje in rol hat yn it ûntmoedigjen en útbannen fan soksoarte fan dierûnfreonlike frijetiidbestegings.

Gjin plak foar bûntfokkerijen

De bûntfokkerij is al jierren ûnderwerp fan politike diskusje. Nettsjinsteande ernstige problemen mei wolwêzen en grutte etyske beswierren wurde der yn Nederlân miljoenen nertsen fokt en deamakke foar harren facht. Nertsen binne rôfdieren, dy't yn 'e natuer grutte leefgebieten ha lâns de kant fan beken en rivieren. De dieren kinne dêrom noait holden wurde op in wize dy't rjocht docht oan harren natuerlike hâlden en dragen. Boppedat wurde se deamakke foar in oerstallich produkt. De Partij foar de Dieren fynt dat der sa gau as mooglik in ein komme moat oan 'e bûntyndustry.

Húsdieren fertsjinje beskerming

Hast de helte fan 'e húshâldings hat in kat of in hûn. Dêr't dat nedich is moat ek de provinsje opkomme foar it wolwêzen fan húsdieren. Bygelyks troch der foar te soargjen dat der optimale ôfstimming plakfynt tusken gemeenten by de help oan húsdieren (dy't fuortrûn binne) of yn needsitewaasjes.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. De provinsje stiet op syn grûn gjin jacht mear ta.
2. Salang't der noch wol jage wurdt makket de provinsje de soarten, oantallen en lokaasjes fan deamakke dieren iepenbier.
3. De provinsje ferlient gjin ôfsjittfergunning foar saneamde 'skealike' dieren.
4. Der moat byholden wurden wêr en hoefolle dieren oanriden wurde. Oan 'e hân fan dy (iepenbiere) gegevens evaluatearret de provinsje alle jierren it belied dat fierd is.
5. Der komme mear provinsjale opspoaringsamtners om de bepalings oer jacht en de beskerming fan natuergebieten te hanthavenjen. Dizze opspoaringsamtners meie gjin persoanlike bannen ha mei faunabehearriedheden of oare jagersferienings.
6. In brede rige fan maatregels foarkomt oerlêst en skea troch dieren. De provinsje moat hjirby stribje nei maatwurk, lykas it ferleegjen fan 'e maksimumsnelheid yn natuergebieten, it pleatsen fan wyldhikken en it ferbieden fan gewaaksen dy't fûgels oanlûke om fleanfjilden hinne.
7. De provinsje herfoarmet de fergese faunaskeaferskering. De skeakompensaasje wurdt ôfboud ta ekstreme gefallen.
8. It guozzebelied rjochtet him op it foarkommen fan skea sûnder it ôfsjitten en fergassen fan guozzen. Guozzen binne yn 'e simmer en yn 'e winter wolkom.

9. Ek mei útheemske dieren wurdt sekuer (dierfreonlik) omgien. Dat betsjut ûnder oaren dat waskbearhûnen net ôfsketten wurde en dat der gjin jacht makke wurdt op halsbân-parkiten.
10. Jagers bepale it belied net: de provinsje erkent gjin inkelde faunabehearriedheid.
11. De provinsje registrearret klachten oer jagers en brûkt dy ynformaasje om de hanthaving te ferbetterjen.
12. De provinsje Fryslân ûndersiket metoades om dieren mei lûdsinjaln te warskôgjen foar auto's dy't tichterby komme.
13. De provinsje stiet gjin nije bûntfokkerijen ta en besteande fokkerijen meie net útwreidzje.
14. By sluzen en gemalen befoarderet de provinsje sawol by de stream ôf as by stream op in feilige passaazje foar fisken.
15. It brûken fan stikeltried yn 'e natuer wurdt ferbean.
16. Dieren krije in fêst plak yn 'e draaiboeken fan helptsjinsten en yn rampeplannen.
17. Ut de provinsje wei wurdt foldwaande en strukturele finansjele stipe bean oan opfangsintra foar fûgels en oare yn it wyld libjende dieren.
18. Wylde katten wurde net langer deamakke, mar fongen en kastrearre of sterilisearre.
19. Der komt in ferbod op net-dierfreonlike gebrûken lykas libjende kryststâlen, zwientjetikken en it ljipaaissykjen. Salang't der noch gjin ferbod realisearre is wurde der gjin fergunnings foar ferliend en giet der gjin subsidzjejild hinne.
20. De provinsje ferlient gjin subsidzjes oan ynstânsjes dy't dierproeven dogge.

Ús fisy op ekonomy

De ekonomy is yn 'e besnijing rekke fan monetêre fraachstikken. Jild hat de macht; alles wat werklik wearde hat wurdt hjir ûnderskikt oan makke. De dieren en de natuer binne ferwurde ta in produkt mei in priis. Sels de langsten en soargen fan minsken wurde yn jild útdrukt. Dy tunnelfisy stiet de needsaaklike koerswizing yn 'e wei. De hjoeddeistige krisis yn ús ekonomysk systeem kin net oplost wurde mei symptoombestriding. Der moat radikaal oars keazen wurde.

De Partij foar de Dieren tinkt fûneminteel oars as de tradysjonele politike partijen. Wy wolle ôf fan it single-issuetinken dat de westerske minsk en syn jild sintraal stelt by alle besluten. Wy sette wolwêzen foar minsken en dieren sintraal. Net allinnich hjir, mar ek yn oare parten fan 'e wrâld. Net allinnich no, mar ek yn 'e takomst.

De Partij foar de Dieren is foarstanner fan in slutende begrutting: net mear útjaan as wy hawwe, net mear konsumearje as der is en net mear beslach lizze op 'e ierde as wy ús tastean kinne wat oaren oanbelanget - no en yn 'e takomst. Wy wolle dat banken net mear spekullearje op ferliezen - mar ynvestearje yn duorsume sektoaren wêrtroch banen kreëarre wurde. Dat der net ynvestearre wurdt yn megastâlen, koalesintrales en kearnenerzjy - mar yn ynnovative projekten foar fernijbere enerzjy.

Wy pleitsje foar in fergriening fan it belestingstelsel. Yn plak fan arbeid wolle wy miljeufersmoargjende produkten en aktiviteiten en it brûken fan grûnstoffen, dy't der hast net binne, belêstgje. Sa generearje wy ynkomen foar de steat en jout it belestingsysteem de winske prikkels foar in duorsume libbenswize.

De Partij foar de Dieren hat de grienste ambysjes en de meast fiergeande herfoarmings yn it sin. Hjir wolle wy in gidsfunksje mei ferfolje nei in nij en duorsum belied wêryn't moederaasje en duorsumens sintraal stean. De kapasiteit fan 'e ierde is de rânebetingst foar elke beliedskar. Ek yn 'e provinsje.

5. In betroubere oerheid

De Partij foar de Dieren kiest at it om mei-inoar yn ien mienskip libjen giet om in sekuere balâns tusken persoanlike frijheid en persoanlike ferantwurdlikheid. Minsken ha de frijheid om te libjen nei eigen ynsicht(en) en foar safier dizze net botse mei de frijheden fan oaren, wêrûnder dy fan dieren. Boargers ha rjocht op in omjouwing dy't feilich, skjin en krekt foarmjûn is. De provinsje hat neffens ús in belangrike taak yn it kreëarjen fan in noflik wen- en leefklimaat, ûnder oaren troch te ynvestearen yn natuer, kultuer en in goede ynfrastruktuer. Op dizze wize leveret de provinsje boppedat in belangrike bydrage oan in goed fêstigingssklimaat foar ûndernimmings.

Ynsette op in regionale ekonomy

De Partij foar de Dieren pleitet foar in regionalisearre ekonomy dy't foarsjocht yn de behoeftes fan de hjoeddeiske generaasje, sûnder dêrmei takomstige generaasjes yn gefaar te bringen.

Wy sette ús yn foar in progressive, ynnovative en duorsume ynrjochting fan de ekonomy. Duorsume ynnovaasje leverje boppedat nije en heechwaardige banen op. De Partij foar de Dieren set yn op dieltydbanen, foar in goede balâns tusken wurk en privé.

It belied dat yn de provinsje fierd is hat ynfloed op de ekonomy en wurkgelegenheid. De Partij foar de Dieren pleitet derfoar dat de provinsje doelbewuste ynfloed útoefenet troch fia syn budzjet ûnder oaren te kiezen foar in duorsume OV-ynfrastruktuer en duorsume oanbestedings.

In soad produkten kinne better regionaal produsearre wurde, tink oan iten en enerzjy. Mei in sterk regionaal belied kin ynset wurde op it sluten fan kringlopen. De konsumpsje fan produkten dy't oan in sesoan bûn binne wurdt stipe. Wy kieze foar in maatskippij dêr't de fersmoargers yn betelje foar de maatskiplike problemen dy't sy feroarsaakje en wêr't de kar foar duorsumens beleanne wurdt.

Stipe foar emansipaasjebewegings

De Partij foar de Dieren ferdigenet troch alles hinne de erkenning fan emansipaasjebewegings. Oeral dêr't sprake is fan achterstelling fan groepen is it in taak fan 'e oerheid om soarch te dragen foar folweardige partisipaasje en gelikense behanneling. Neffens ús moat de provinsje hjir sels it goede foarbyld jaan mei in personielsbelied dat troch alles hinne it ferskaat ferdigenet en each hat foar de kânsen en kwaliteiten fan syn meiwurkers.

Ûnôfhinklike kultuer, keunst en media

In mienskip dijt it bêste as der by 't soad romte is foar tsjinmacht, krityske lûden en refleksje. Faak nimme media en keunst dy taak op harren. Kultuer soarget boppedat foar in ymmateriële ferriking fan it libben. De Partij foar de Dieren fynt omtinken en middels foar regionale media en keunst dan ek essinsjeel. Tink hjirby oan saken lykas monumintesoarch, it regionale orkest, ateliers en tentoanstellingsromten.

In transparante oerheid en privacybeskerming

De Partij foar de Dieren hechtet tige oan de privacy fan boargers, iepenbierheid fan bestjoer en de frijheid fan mieningsutering. De Partij foar de Dieren fynt dat privacygefoelige data yn prinsipe allinnich brûkt wurde meie foar it doel dêr't dy data foar krigen binne en feilich en allinnich mar tydlik opslein wurde moatte.

Wy fine dat de provinsje boargers aktyf by de polityk en beslútfoarming belûke moat. Under oaren troch it helder en aktyf bekendmeitsjen fan besluten sadat boargers hjir ienfâldich mei

yn 'e kunde komme kinne. Boargerynisjativen bin in poerbêste manier om politike belutsenheid te fergrutsjen.

Duorsum ynkeapje en oanbestede

De provinsje hat in foarbyldfunksje at it giet om in maatskiplik ferantwurdlike bedriuwsfiering, tink oan duorsume ynkeap en it befoarderjen fan duorsum wenwurkferkear. De Partij foar de Dieren wol dat it provinsjebestjoer hjirby skerpe noarmen stelt en sa in belangrike rol nimt yn it duorsum meitsjen fan de provinsje.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. Der komt in deputearre Dierewolwêzen, Natuer en Miljeu. Dizze deputearre formulearret en ymplementearret in yntegraal en foarútstribjend natuer-, en miljeu- en dierewolwêzenbeleid. It hiele beleid fan de provinsje wurdt hjir oan toetst.
2. De noarm foar de provinsjale oerheid wurdt in 100% duorsume bedriuwsfiering en ynkeap fan guod en tsjinsten.
3. De bedriuwsfiering fan de provinsje wurdt sa fluch mooglik klimaatneutraal. Yn oerheidsgebouwen wurdt allinnich griene striem brûkt. Ek wurdt der kraanwetter skonken, gjin fessewetter.
4. De provinsje servearet biologyske en in protte fegetaryske en feganistyske produkten yn syn bedriuwrestaurant; ien dei yn 'e wike wurdt it hiele oanbod fegetarysk. De provinsje servearet gjin bedriigde diersoarten, lykas iel, kabeljau en tony. By produkten dy't ymportearre wurde út ûntwikkelingslannen, lykas kofje, tee en sjokolade, jout de provinsje it goede foarbyld troch allinnich fair trade yn te keapjen.
5. De provinsje skriuwt by oanbestedingen duorsume prestaasjes foar. By seleksjes fan dielnimmers oan oanbestedingen is duorsumens ûnderdiel fan de seleksjekritearia. Nijere, lytsere en ynnovative bedriuwen moatte makliker yn oanmerking komme foar opdrachten fan de provinsje as at no noch it gefal is.
6. Deputearren, Stateleden en meiwurkers fan de provinsje reizgje by wurkbesites oan bestimmingen bûten Nederlân, ta in ôfstân fan 750 kilometer, yn prinsipe mei de trein.
7. Troch duorsume ynnovaasjes yn te keapjen jaget de oerheid nije ekonomyske bedriuwichheid oan en jout sa duorsume ynnovaasjes de kâns om troch te brekken op de merke.
8. Bedriuwen dy't ynvesteare yn duorsume produksjeprosessen wurde dêryn stimulearre en fasilitearre troch de provinsje. Net-duorsume subsydzjes, lykas oan de feeyndustry, CO₂-opslach en fossile brânstoffen, wurde stop set.
9. De provinsje giet hoeden om mei mienskipsjild: finansjele reserves en tydlike oerskotten wurde allinnich op in feilige en ferantwurde wize oan 'e kant set. De provinsje beleit net yn projekten mei in soad risiko.
10. De provinsje docht allinnich saken mei banken en fersekerers dy't goed skoare op de Eerlijke Bank- of Verzekeringwijzer.
11. It befoarderjen fan de ûntwikkeling fan de kennis en ekspertize fan it eigen persoanlik hat de foarkar boppe it ynhieren fan eksterne adviseurs.

12. De provinsje skeakelt oer op in emissyfrij weinpark foar syn meiwurkers.
13. Wêr't dat nedich is fersterket de provinsje it diversiteitsbelied foar syn persoanien.
14. De provinsje komt fanwegen tsjin alle uteringsfoarmen fan diskriminaasje en hat omtinken foar alle groepen yn 'e maatskippij.
15. De provinsje befoarderet de tagonklikheid foar minksen mei in beheining by alle foarsjennings, ynklusyf de rekreative foarsjennings, iepenbier ferfier en oerheidswebsiden.
16. Om files en de útstjit fan fynstof, CO₂ en oare skealike útlitgassen werom te kringen stimulearret de provinsje (dieltyd) thúsworkjen.
17. De provinsje makket safolle mooglik gebrûk fan iepen data.
18. Alle iepenbiere stikken wurde foar elkenien ienfâldich tagonklik publisearre op ynternet.
19. De provinsje is tige ôfhâldend mei it oplizzen fan geheimhâlding. Mocht dit nedich wêze dan wurdt oan de hân fan 'e wet iepenbierheid fan bestjoer motivearre wêrom't geheimhâlding nedich is. Dy motivearring is iepenbier en de geheimhâlding tydlik.
20. Besluten en meidielings fan 'e provinsje wurde oersichtlik en tagonklik publisearre op syn webside.
21. De provinsje hat in tagonklik riejaand referendum.
22. It boargerinisjatyf wurdt stimulearre en ienfâldiger makke.
23. De Partij foar de Dieren wol dat de provinsje in soad middels frijmakket foar regionale kultuer en media. Wy binne tsjin besunigings op kultuer.